

BESLUTELIST FAN DE GEARKOMSTE FAN DE RIE FAN MENAMERADIEL

Tongersdei 14 april 2016

Oanwêzich

Foarsitter	:	de hear T. <u>van</u> Mourik
Griffier	:	mefrou W. Bruinsma
P.v.d.A.	:	de hearen J.C.L.M. <u>van</u> der Lubbe en T. Cuperus
F.N.P.	:	de hearen H.F. Sinnema en H. Hoekstra
GroenLinks	:	de hear J. Harms
C.D.A.	:	de hear A. Osinga
<u>Gemeentebelangen</u>	:	mefrou A.M. <u>Mast</u>
V.V.D.	:	de hear A. Magré
Kolleezje	:	wethâlder L. <u>Pen</u>

1. Iepening en meidielingen

Foarsitter iepenet de gearkomste om 20.00 oere mei in hertlik wolkom. It is wat in oare gearkomste as oars. Net alle riedsleden binne oanwêzich. Jûn wurdt der in presintaasje jûn, dêrnei is der in diskusje. Der wurdt gjin beslút naam, it is in iepen diskusje en de ynbring wurdt meinaam om ta in foarûntwerp bestimmingsplan te kommen.

2. It fêststellen fan de wurklist

De wurklist wurdt fêststeld.

Mieningsfoarming

3. Ramtstellende notysjes bestimmingsplan bûtengebiet

De hear Rouwenhorst (beliedsamtner) seit dat der no twa notysjes foarlizze: de dilemma-notysje en de doelstellingsnotysje. In grut dilemma is dat de wetlike noarms foar fergunningen de boeren mear groeimooglikheden jouwe dan bygelyks it bestimmingsplan. Hjir kin op ferskate mooglikheden mei omgong wurde, de wet kin bygelyks folge wurde (dat is de feilige wei), mar der kin ek keazen wurde om de noarms yn de fergunningen (foar elk bedriuw) fêst te lizzen.

De hear Terpstra (BûgelHajema) seit dat it doel fan de nije wet is om de stikstofemissy werom te bringen. Dêrom binne der regels foar ûnder oaren emissy-earme stâlen.

De hear Rouwenhorst seit dat it kolleezje no freget om romte om te ûndersykjen oft de noarms tapast wurde kinne yn it bestimmingsplan. Der is in kâns dat der in plan makke wurdt dat net foarby de ried fan steaten komt.

De hear Van der Lubbe (PvdA) freget oft elke boer by útwreiding fan it bedriuw nei de gemeente moat (útsein it om in útwreiding fan minder as 0,05 Mol giet).

De hear Terpstra antwurdet dat dat yndied it gefal is.

De hear Van der Lubbe (PvdA) freget om hoefolle bedriuwen it giet, binne dy sifers ûndersocht? Hoefolle bedriuwen binne de ôfrûne tiid útwreide?

De hear Terpstra seit dat dat noch net dien is, mar dat soe noch wol kinne.

De hear Hoekstra (FNP) freget wat de relaasje mei de oare wetten is.

De hear Terpstra seit dat by elk bestimmingsplan rekken holden wurde moat mei de natuerbeskermingswet en mei lûdsoerlêst. Dat binne swiere wetten. As alle boerebedriuwen yn kaart brocht binne, dan kin goed oantoand wurde wat de miljeu-effekten binne en kinne ek effekten útsluten wurde.

Mefrou Mast freget hoe grut it risiko is dat it net foarby de ried fan steaten komt. De hear Terpstra seit dat as der gjin beswieren binnen komme, it risiko lytser is. De hear Van der Lubbe (PvdA) tinkt dat de kâns op in beswier hiel grut is, dêr moat fan útgong wurde.

It twadde dilemma

Agraryske bouflakken wurden altyd beskôge as in rjocht om te ûntwikkeljen. Mar de nije regels meitsje dat lestiger. Dat kin tsjin gong wurde troch de bouflak-regeling derút te heljen en te ferfangen troch in hiem-regeling. Dat ferlytset de kâns dat it plan net foarby de rie fan steaten komt.

Foarsitter konkludearret dat de riedsleden net hiel negatyf steane tsjinoer de fraach dy't foarleit. It bestimmingsplan moat in goed ynstrumint bliuwe. De fraksjes wolle net útgean fan wishfull thinking, der wurde grif beswieren yntsjinne. Der moat dêrom soargje wurde foar in plan dat dêr klear foar is. Der moat wol in útspraak dien wurde oer it tal Mol. De hear Harms (GL) seit dat dit plan benammen út giet fan groei, mar is dat wol ferstannich? Kin der ek in bestimmingsplan komme dat mear kânsen biedt foar kwaliteit yn stee fan kwantiteit?

Mefrou Mast (GL) fynt dat de rie net op de stoel fan de boeren sitte moat. Dat binne bedriuwskarren. De gemeente moat alle mooglikheden biede, mar it net oplizze.

Foarsitter seit dat saken as biodiversiteit ek weromkomme yn it bestimmingsplan, no lizze der twa dilemma's foar, mar der is fansels folle mear.

De hear Osinga (CDA) wol de boeren romte jaan en is der foar om de noarms op te nimmen. Ek de hiem-regeling liket CDA goed. De molkeprizen moatte net meinaam wurde yn dizze diskusje.

De hear Sinnema (FNP) slút dêrby oan, de molkeprizen en ynvestearringen dy't in boer docht, hearre by it bedriwsrisiko. Sokke risiko's binne der yn alle sektoaren.

De hear Magré (VVD) freget oft der ek Europeeske wetten binne wêr't op ôfstimd wurde moat.

De hear Terpstra seit dat der wol ferskillen binne yn de ferskate lannen, mar Nederlân is net it 'braafste jongetje van de klas'.

De hear Van der Lubbe (PvdA) seit dat de fraksje boeren romte biede wol, útgean wol fan beswieren en tinkt dat 0,05 Mol de bedriuwen foldwaande groeiromte biedt en soarget foar de minste diskusje yn de ried fan steaten.

Mefrou Mast (GB) fynt dat it bestimmingsplan de boeren net op slot sette mei.

De hear Hoekstra (FNP) soe ek wol ynstimme kinne mei in kavelgrutte fan 3 hektare. Dit om't de lânskiplike ynpassing foar FNP swier weaget.

Doelen: mear sekerheid troch de tapassing fan mear funksjebestimmings yn stee fan ien mixbestimming. Lânskiplike kwaliteit befoarderje. Better oanslute op wet- en regeljouwing en it plan ôfstimme op de aktuele situaasje.

It bestimmingsplan bepaalt net hoe grut in funksje wurde mei, mar jout regels foar de wize fan útwreiding. Dit soe jilde foar agraryske bedriuwen oant 1,5 hektare en de oare funksjes (wenjen, reuring). En foar agraryske bedriuwen fan 1,5 oant 3 hektare (de Nije Pleats-metoade).

De hear Harms (GL) seit dat der yn oare gebieden in soad lûden binne oer dat by útwreiding de regels net opfolge en hânhavene wurde. Hoe is dat yn Menameradiel?

De hear Rouwenhorst seit dat der bygelyks wol ferplichtingen opnaam wurde kinne. Dat de útwreiding yn gebrûk naam wurde mei as de lânskiplike ynpassing realisearre is, bygelyks. Dat is juridysk sjoen wol te hânhavenjen.

De hear Hoekstra (FNP) seit dat de gemeente dan sels wol it goeie foarbyld jaan moat. Yn Menaam-Noard soarget de gemeente ek sels net foar lânskiplike ynpassing.

Hoe wol de rie omgean mei bûtenopslach bûten in hiem? 1) Moat it ferbean wurde? 2) Mei opslach wol, mar bebouwing of ferhurding net? 3) Mei it allinnich as it goed lânskiplik ynpast is? 4) Mei it altyd? 5) Mei it allinnich op in tal meter ôfstân fan it hiem? De provinsje strjibbet nei in kompakt hiem, mar begrypt ek dat boeren net genôch opslach ha.

De hear Sinnema (FNP) seit dat it no dreech te hânhavenjen is en oeral bultsjen en opslach ûntstean. As it no ek noch tastien wurdt, dan wurdt it noch mear in rommeltsje.

De hear Osinga (CDA) is it der net mei iens, hy fielt mear foar opsje 3, mei opslach oanslutend oan it hiem. Dat biedt ek yn de takomst mooglikheden, want it is dreech te foarsjen hoe't boeren de kommende tsien jier ûntwikkelje.

Mefrou Mast (GB) fielt wol wat foar 3 en 5, mar fynt dat der easken steld wurde meie oan de ôfstân ta it hiem en de lânskiplike ynpassing. Ek hjir moatte boeren net te bot beheind wurde.

De hear Harms (GL) fielt ek wol wat foar 3, mar fynt dat de kant fan it hiem wol útmakket. As der grutte wite pakken oan de kant fan de dyk lizze, dan is dat net winsklik. Mar as it op de skaadkant, út it sicht is, moat it kinne.

De hear Van der Lubbe (PvdA) fielt wol wat foar nûmer 3, ynklusyf de Nije Pleats-metoade.

De hear Magré (VVD) kiest ek foar 3, mar 5 kin ek, as it mar goed tapast wurdt.

De hear Hoekstra (FNP) freget oft dit ek mooglikheden biedt om opslach yn de gemeentlike berm oan te pakken.

Mefrou Mast (GL) freget oft dit allinnich foar nije bedriuwen is, besteande bedriuwen ha de opslach al op in plak.

De hear Rouwenhorst nimt dy opmerking mei. Dat moat goed úttocht wurde.

Nije agraryske bedriuwen

Dit is tige yngewikkeld en komt hast net foar (it giet hjir net om bedriuwen dy't bygelyks oernaam wurde troch de bern, of boeren dy't oerstappe fan bygelyks kij nei geiten). It útsel is om dit yn dit nije bestimmingsplan net mooglik te meitsjen. Dat kin bygelyks regele wurde mei in eigen postsegelplan.

De hear Van der Lubbe (PvdA) lêst hjir ek wat oer kassen, om hokker kassen giet dat?

De hear Terpstra seit dat it net om de grutte kassen yn Berltsum giet, mar om bygelyks ierappelboeren dy't it spul te drûgjen lizzen (stookhok).

Ekstra wenningen yn âld-buorkerijen?

Ja, mar allinnich yn it besteande haadgebou, as ûntsierende bebouwing opromme wurde, it goed lânskiplik ynpast wurdt en it past binne it gemeentlike wenplan.

De hear Terpstra seit dat it measte yn it wenplan regele wurdt.

Nije bedriuwen yn âld-agraryske bedriuwen?

Is yn prinsipe mooglik, wêr noadich meiwurkje oan proseduere en ôfstimme op provinsjaal belied.

Romte-foar-romte-regeling? Alde net mear funksjonele hokken ôfbrekke, yn ruil dêrfoar mei in nije wenning boud wurde. Dat giet fan it wenningkontingint ôf.

Ja, allinnich as der 1000 m2 bebouwing sloopt wurdt, as it om maksimaal 1 ekstra wenning giet, op it hiem en oanslút op oare bebouwing.

Wynmûnen?

Wynturbines útslute en lytse mûnen tastean. Dit is yn striid mei provinsjaal belied, mar de lytsere mûnen binne wol ynteressant, wêrom soe it net kinne?

De hear Hoekstra (FNP) fynt dit prima.

De hear Van der Lubbe (PvdA) seit dat it hjir om mûnen giet dy't allinnich yn de eigen enerzjy foarsjogge. Se moatte allinnich wol boppe de nok útkomme, oars fange se te min wyn.

Mefrou Mast (GB) is it hjir net mei iens, it fersmoarget it lânskip.

De hear Osinga (CDA) slút dêrby oan.

De hear Harms (GL) is foar.

De hear Magré (VVD) soe sokke wyn mûnen leaver útslute.

Sinnepanielen by agraryske bedriuwen?

Allinnich mooglik op it eigen hiem en allinnich foar de eigen enerzjy. It giet hjir om lossteande sinnepanielen. Dit folget it provinsjale stânpunt.

Hinderzones rûnom de doarpen? Plakken wêr't gjin yntinsive feehâlderij plakfine mei. Wurd't útsteld om dit yn it nije plan net mei te nimmen. Om't it net mear sa fan tapassing is.

Doarpsgebieden? As Blessum, Skingen, Slappeterp.

Alle adressen foarsjen fan in mengbestimming, wenjen tastean en iennige foarm fan bedriuwichheid tastean.

Konklúzje: De ynventarisaasje is fierhinne klear, de doelstellingsnotysje en dilemma-notysje binne troch dizze jûn ek wer in stik fierder. As dit aansten ôfrûne is, dan kin it foarriedich ûntwerp bestimmingsplan makke wurde, it ûntwerp bestimmingsplan en úteinlik it nije bestimmingsplan. Yn febrewaris 2017 rint it âlde bestimmingsplan ôf. De kâns is grut dat it nije plan dan noch net klear is. Der wurdt sjoen oft it âlde bestimmingsplan yn dat gefal wat langer oanholden wurde kin.

Algemiën oer de doelstellingsnotysje

De hear Hoekstra (FNP) tinkt oangeande it grien dat de nije Apv (wêryn beammekap oant 40 sm omfang fergunningfrij dien wurde kin) net oerienkomt mei it beskermjen fan in tal grienelemeninten, sa't yn it bestimmingsplan stiet. Dat moet better op inoar ôfstimd wurde. En de hear Hoekstra freget hoe't de gemeentlike diken bestimd wurde (oangeande side 13). De hear Rouwenhorst seit oangeande de beammekap dat it aansten yn de rigels stiet, dat is no ek al it gefal.

De hear Terpstra seit oangeande de diken dat ûnder de agraryske bestimming mear funksjes falle, wêrûnder diken. Dit makket it makliker om saken te regeljen, bygelyks as der in rotonde oanlein wurde moat.

De hear Harms (GL) freget oft de nije mestfergister dy't ek snoeioffal fergiste kin, ek in mooglikheid is foar de gemeente. Faaks kin der noch nei sjoen wurde.

De hear Van der Lubbe (PvdA) tinkt dat it stik oer de mono-fergister foar eigen gebrûk oanpast wurde moat. Hy ferwachtet dat boeren yn de takomst faker mei inoar in fergister brûke. En sokke gruttere fergisters moatte apart besjoen wurde. En de hear Van der Lubbe fynt dat it wurd 'afval' der úthelle wurde moat, dat is net mear fan dizze tiid.

De hear Terpstra seit oangeande de grutte fergisters dat dy wol foar oerlest doarqje kinne. It soarget bygelyks foar mear (swier) ferkear. Soks kin ek opnaam wurde: dat fergisters wol meie, mar dat it net ta mear ferkear liede mei. De hear Terpstra stelt út dit tema noch ris goed út te tinken, en te oerlizzen mei de dairycampus.

Algemiën oer de dilemmanotysje

De hear Harms (GL) freget oft in bestimmingsplan ek sa ynrjochte wurde kin dat der mear duorsume lânbou komt.

De hear Terpstra seit dat in bestimmingsplan om romtlike kritearia giet. Yn sokke kritearia binne saken as biologysk boeren net te fangen. Fansels kin der wol in gebiet oanwiisd wurde dat foar biologyske boeren oantreklik is. Dêrmei is yn de polder ûnderfining opdien en dêr wurke dat wol.

Foarsitter betanket elk foar de ynbring. Der binne heldere útspraken dien wêrmei't stappen foarút set wurde kinne.

Foarsitter slút de gearkomste om 22.00 oere.

Griffier,

Foarsitter,

W. Bruinsma

T. van Mourik